

Mem

Doede Veeman

A B \flat m F m C7 F m B \flat m F m
no sitst yn dyn te - hûs ien-sum, lyts en krom mei dyn lap-ke - mûs
C D \flat C B F m C7
en dyn ruf - ten om wurch fan it ge - doch wach - test-do wat bang__ de
B \flat m F m C D \flat C C A \flat E \flat 7
klok dy tik - ket troch__ de tiid duor-ret sa - lang__ it hûs - ke op 'e fo - to dêr
D \flat E \flat 7 D \flat F m C D \flat C
wies-to bern en bliid__ gjin tiid om jong te wê-zen mar wol fol fjoer en striid__ do

A: no sitst yn dyn tehûs, iensum, lyts en krom
mei dyn lapkemûs en dyn ruften om

B: wurch fan it gedoch wachtesto, wat bang
de klok dy tikket troch, de tiid duorret sa lang

C: it húske op de foto dêr wiesto bern en bliid
gjin tiid om jong te wêzen, mar wol fol fjoer en striid

A: do sochst altyd de sinne, mar fûnst gauris it skaad
de pine waard yn't libben dyn fêste kammeraat

C: as bern koene wy boartsje en leare, wêrom net?
en al dy lytse bernsbern slútst waarm yn dyn hert

B: mar ik koe net om dy hinne as bern doe by ús thús
no sitsto hjir allinne, ôfhinkelik fan ús

C: it is dy net foarsein hoe't it libben rinne kin
en no hast oan de ein bist wer by it begjin

A: no sitst yn dyn tehûs, iensum, lyts en krom
mei dyn lapkemûs en dyn ruften om

B: wurch fan it gedoch wachtesto, wat bang
de klok dy tikket troch, de tiid duorret sa lang